

Jezus is berne!

Yn in grut paleis wennet keizer Augustus, hij is de baas fan hiel Israël. Keizer Augustus wol witte hoefolle minsken der yn syn lân wenje en dêrom moat iederien nei de sted reizgje wêr't harren famylje wei komt. Want sa kin Augustus eltsenien better telle. Der moatte in protte minsken op reis, ek Joasef. Hy reizget nei Bethlehem, want dat is it plak wêr't kening David wenne hat. En Joasef komt út de famylje fan David. Joasef reizget net allinnich, Maria giet mei. Maria is de frou wêr't Joasef mei trouwen giet. Maria krijt hast in lyts berntsje, dêrom is it reizgjen foar har wol swier. Mar it kin net oars, it is in befel fan keizer Augustus.

Eindelijk komme se yn Bethlehem oan, Maria is sa wurch. Se fielt dat har berntsje gau komme sil. Wêr moatte se no sliepe? Joasef freget oeral om in plakje, mar alles is fol. Sa ek bij de herbergier, dy skoddet syn holle ek al, syn herberg sit hielendal fol. Mar as hy Maria sjocht, seit er: 'Wachtsje ris, yn de stal is noch plak, by de bisten. Dêr kinne jim wol sliepe!' En dêr yn de stâl wurdt Maria's baby geboren, it is in jonkje! Maria wikkelt de baby yn doeken en leit him yn de foerbak fan de bisten.

It is nacht, iederien sliept as it jonkje geboren wurdt. Mar bûten binne in pear mannen dy't net sliepe. It binne hoeders, sy sitte by it fjoer en passe op de skiep. Hé! Wat is dat? Dat ljocht yn de nacht? Help!

'Wes mar net bang!' seit in stim. 'Ik kom fan God en ik bring jim goed nijs!'

Der stiet in ingel tusken de hoeders yn. De ingel seit: 'Alle minsken sille hiel bliid wêze, want Jezus is geboren en as hy grut is, sil Hy de minsken rêde, sa as God beloofd hat! Gean mar gau nei Bethlehem, dêr sille jim it berntsje yn doeken wikkele fine en it leit yn in foerbak.

Ynienen wurdt de himel noch ljochter, der komme noch mear ingelen by de hoeders. Se sjonge in prachtich liet foar God: 'Ear oan God yn de himel en frede foar alle minsken op ierde!' En dan is it wer donker en stil. De ingelen binne fuort. 'Litte we gau nei Bethlehem ta gean', seit ien fan de hoeders. 'We moatte sjen wat de ingel sein hat!' En sa fluch as se kinne, gean de hoeders nei Bethlehem. En dêr yn de stal fine se Joasef en Maria en it lytse berntsje. En it is krekt sa as de ingel sein hie: it jonkje leit yn doeken wikkele yn in foerbak.

'Lokwinske!' roppe de hoeders, 'Wy hawwe it heard fan de ingelen, dit is him dochs? Dit is dochs it berntsje wat Ljocht bringe sil oer hiel de wrâld? Danke wol God! Danke wol dat wy it berntsje sjen mochten! Kom op jongens! Dit moatte we oan eltsenien fertelle! En fuort binne de hoeders wer.

Maria ûnthâldt alle wurden dy't de hoeders har ferteld hawwe.